

# 47 Kermis

Op 'e stoel sitte. De teannen binne de berntsjes.

Fiif berntsje

stappe yn 'e sweef.

*ien foet optille*

Se swiere en se swaaie,

*rûntsjes draaie mei de foet*

se geane skots en skeef.

*de foet hin en wer swaaie en delsette*

No yn 'e draaimûne:

*de oare foet optille*

op in skooter,

*rûntsjes draaie mei de foet*

of yn in auto

*rûntsjes draaie mei de foet*

mei in toeter!

*de foet delsette*

Stjoere stjoere,

*mei de hannen stjoere*

broem broem tút!

Ting ting ting,

*sabeare mei in beltsje swaaie*

dêr giet it beltsje.

No moatte se derút!

*mei twa fuotten op'e grûn springe*

## Suggestje

De bern kinne der ek by stean, mar dat freget mear fan it lykwicht.